

In earlike polityk

- By wichtige besluten oer grutte projekten krije bewenners altyd it lêste wurd en net bestjoerders of projektûntwikkelders.
- De gemeente ynformearret ynweners op 'en tiid en dúdlik oer regelingen, fergoedingen en subsydzjes dêr 't hja rjocht op ha. Yn de brosjures en op de webside wurde ek de rjochten en net allinnich de plichten neamd.
- As in konsesje net wetlik oanbestege wurden hoecht, dan sille wy dat ek net dwaan.

It midden- en lytsbedriuw

- It mkb sil stimulearre wurde om mei te tinken yn de transysje nei de sirkulêre ekonomy en de útfiering fan de klimaatwet.
- De SP is tsjin it prestizjeprojekt Feanetië en de beweechbere brêgen, mar wol ynvestearje yn in oantreklike mjuks fan wenjen, tsjinstferliening, kultuer, hoareka en natuer yn alle doarpen yn ús gemeente.
- De plysje is faker en sichtber op strjitte, sadat it sintrum feiliger wurdt en fielt.

Finânsjes

- Jild ornearre foar it wolwêzen fan de minsken, wurdt ek allinne dêroan bestege.
- Wy hieere gjin of sa min mooglik djoere ekspertizeburo's of bedriuwen yn. Dêrfoar kinne wy ek ekstra amtners oanstelle. De noarm wurdt: maksimaal 10% fan de totale personiëlskosten útjaan oan eksterne buro's en bedriuwen.
- Gemeentlike belastingen en Diftar+ wurde wêr mooglik ferlege of kwytskolden as dit de finansjele posysje fan minsken mei legere ynkommens yn problemen bringe kin.

GJIN RIED SÛNDER STRJITTE



Copyrights SP Heerenveen

**SP HEERENVEEN
FERKOARTE FERKIEZINGSPROGRAMMA
2022/2026**

De SP stiet foar Minsklike Weardichheid, Lykweardigens en Solidariteit, wêrby ‘t de minske sintraal stiet en net prestiizjeprojekten.

Jongereinsoarch

- De SP kiest foar kwetsbere jongerein en net foar in fertsjinmodel fan bedriuwen. Wy geane foar kwaliteit yn stee fan oanbesteegje.
- Mear ynsette op previnsje yn stee fan spesjalistyske, djoere help en hege tallen hûsútsettingen.
- Utwreiding fan neisoarch en trochrin nei 18+.

Soarch

- We besunigje net op soarch en al it jild dat foar de soarch ornearre is, wurdt ek oan de soarch útgjûn.
- We helje de merkwurking út de soarch en wolle in gemeentlike thússoarchorganisaasje.
- We wolle soarchbuerthûzen en buertsintra dêr ‘t ûnder oaren hûsdokters, wykferpleging en soksoarte sitting ha.

Earmoedebestriding

- Minder en begryplike regelingen mei romhertige bysûndere bystân en wytguodregeling.
- We ferheegje it bernepakket (Klijnsma) mei op syn minst € 100.000,-.
- De anonime klikline wurdt ôfskaft.

Skuldhelpferliening

- Der komt ien werkenber ferwiisloket foar skulden en in aktyf belied om “wurkjende earmen” en jongerein mei skulden op te spoaren en minsken te ynformearjen oer harren rjochten.
- Hûsútsettingen en ôfsluten nutsfoarsjenningen foarkomme we troch previntive oanpak.
- Der komt romhertige frijstelling foar lokale belestingen en Diftar+.

Underwiis

- We hâlde skoallen yn ‘e buert mei feilige fyts- en kuierrûtes.
- De gemeente sjocht ta op it neilibjen fan pestprotokollen en fiert in aktyf belied dêryn. Fuortsjen wurdt net tole-rearre! Gearwurking mei jeugdhulp wurdt dêrby socht.
- Stichting Leergeld krijt genôch middels foar learlingen dy ‘t dêr ferlet fan ha. Hjir wurde de ynwenners aktyf oer ynformearre.

Kultuer

- De biblioteken bliuwe iepen, tagonklik en betelber.
- Jild mei gjin behindering wêze foar besites musea, eveneminten of teäter of foar in bern om muzyk- of kultuerûn-derwiis te folgjen.
- Jongerein leare sels eveneminten of teäter te organisearjen fia jongereinwurk.

Sport

- Elk bern moat sporte kinne, dêrby mei jild gjin behindering wêze. Dit jildt ek foar bern mei in beheining, dus we soargje foar in spesjaal sportfûns foar bygelyks sporten by “Sport Anders”.
- Sporte soarget foar in goede lichaaamlke en geastlike sûnens. Jild mei gjin behindering wêze dus wy betelje de sport foar minima en bern.
- Elk bern moat swimles folgje kinne yn dit wetterrike lân. Wy pleitsje foar neiskoalske swimles foar elk bern.

Wenje

- Soargje foar betelbere wenningen foar jongerein yn de doarpen, sadat hja yn har eigen doarp wenje bliuwe kinne.
- Wy fiere in selsbewenningsplicht en opkeapbeskerming yn en sille hûzemelkers folle hurder oanpakke.
- Elke wenning moat in goed focht- en leefklimaat ha. De gemeente moat de ferhierders hjirop oanstjoere en oansprekke.

Wurk en ynkommen

- De WSW (sosjale wurkpleats) wurdt wer foar de minsken dêr ‘t de regeling oarspronklik foar ornearre wie en we ûntwikkelje in nij learwurkbedriuw dêr ‘t minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk rjocht krije op oplieding en bege- lieding, dêr ‘t hja lean foar ûntfange.
- Wy hâlde goed sicht op rjochten fan arbeidsmigranten, sawol yn arbeidsomstannichheden as yn húsfêsting.
- De gemeente hat eigen staażebank wêrtroch elkenien staażje rinne kin en arbeidsdiskriminaasje tsjingien wurdt.

Miljeu

- Wy meitsje it duorsum meitsjen fan hierwenten in eask by prestaasjeôfspraken mei ferhierders.
- Buertbewenners krije mear ynspraak by ynrjochting en ûnderhâld fan harren buert.
- De SP wol “tûke” strjitferljochting en net lantearnepeallen útsette. Mei tûke ferljochting wurdt it miljeu (en de beurs) sparre, mar komt de feiligens minder yn ‘e knipe.

Feiligens

- Buertsintra binne in sintraal punt foar feiligens yn de buert. De (wyk)agint, wykferpleechkundige en maatskiplik wurker binne hjir te finen.
- De plysje is sichtber en previntyf oanwêzich yn it winkelsintrum en de útgeanssintra.
- Tûke strjitferljochting befoarderet de feiligens, benammen op de rûtes dêr ‘t jongerein en bern nei skoalle fytse. Op dizze rûtes wurdt by glêdens altyd struid.

Ferkear en iepenbier ferfier

- Ut alle wiken en doarpen wei moat it sintrum feilich berikber wêze foar fytsers en fuotgongers mei feilige fyts- en fuotpaden, dy ‘t goed ferljochte binne.
- Wy wolle in transferium op it “AZC terrein” (tichtby Mac Donalds) mei pindelbussen nei it stasjon, it sintrum, sike- hûs en de wiken.
- Alle krúspunten moatte oersichtlik wêze. Gjinn behindering troch buorden / strûken.